

Bylage 10

Verzending op 8 april f.o.m. Gerben!

De hear T. Hofman
Pypsterhûf 24
9033 XM Deinum

Datum	8 april 2016
Ferstjoerd	
Jo brief fan	3 maart 2016
Behannele troch	G. Rouwenhorst
Jo skaaimerik	
Trochkieznûmer	0518-452906
Us skaaimerik	
Underwerp	reaksje
Taheakke	ûnderbouwing

Achte hear Hofman,

Yn reaksje op ús brief fan 24 febrewaris 2016 hawwe jo ús wer in brief stjoerd. Dêr geanne wy mei dizze brief op yn.

Jo stelle dat de Rie fan Steaten ús yn syn tuskenútspraak fan 30 deseimber 2015 opdroegen hat “om it ien en oar op nij te besjen”. Dat is net hielendal wier. Sitaat út de útspraak: “De raad dient met inachtneming van hetgeen in de uitspraak staat deugdelijk te motiveren waarom bij afweging van alle belangen het plan in stand kan blijven zoals het is, dan wel een gewijzigd of een nieuw besluit te nemen”. Omdat wy tinke dat der in goed plan leit ha wy der foar keazen in nijere ûnderbouwing op te stellen. Dy is no krekt klear en yn ús foarige brief ha wy útlein wat no fierder de bedoeling is. De gemeenterie sil yn de iepenbiere gearkomste op 21 april beslúte of sy ynstimme kin mei de ûnderbouwing. Stimt de rie yn, dan wurdt de ûnderbouwing nei de Rie fan Steaten stjoerd. Dizze syl harren in oardiel foarmje en ta in útspraak yn de beropssaak tsjin it bestemmingsplan komme. Dêrby sil sy ek de yntsjinners fan it berop freegje te reagearen op de ûnderbouwing.

Wy hawwe de ûnderbouwing tasjtoerd nei de yntsjinners fan it beropsskrift om’t sy party binne yn dizze proseduere. No wy it riedsútstel fêststeld hawwe is it in iepenbier stik wurden en kin elts der kennis fan nimme. Foar de folsleinens stjoere wy jo ek in eksemplaar ta.

Oer de troch jo en oaren hâlden enkête it folgjende. Sa’s útlein ha wy de kar makke in nijere ûnderbouwing oan ús plannen ta te heakjen. Dêrby ha wy de ferskate algemiene en partikuliere belangen yn en om Deinum belutsen, sa’t jo yn de ûnderbouwing lêze kinne. In nij of wizige beslút dat der ta leide kin dat der in oar plak foar de fytsbrêge fûn wurde moat is wat ús oanbelanget net oan de oarder en dêrom geanne wy net ynhâldelik yn op de enkête of de útslach dêrfan.

Foar fragen kinne jo kontakt opnimme mei ús meiwurker de hear G.J. Rouwenhorst.

Mei achtinge,
Boargemaster en wethâlders fan Menameradiel,

Drs. J.K. Ijkema,
Gemeentesiktaris

T. van Mourik,
Boargemaster